

80.


## De Skotse Trije

*(Kar út motiven mei Fryske teksten)*


Hup! sût-pen groat-ten-brij en ik sil dy wol krij - e!




Hup! sût-pen groat - ten brij en krij - e sil ik dij!



Hjoed mei-e wy de fleur wol lij - e, hjoed wol-le



wy ris wil - le ha! Pi - be en Sib-bel, Djû-ke en



Sij - e, Ul - tsje en Jap-ke en mear dêr ta.



Jel- tsje, Jel- tsje, Jel- tsje, wêr- om ti - de- stû jit sa?



Wy wol - le dy sa graach yn ús fer- mid-den ha.



Jel- tsje, Jel- tsje, Jel - tsje, wêr- om ti - de- stû jit sa?



Wy wol - le dy sa graach yn ús fer- mid-den ha.

Ik woe wol graach, mar 't sil net kin-ne, want ik kin  
 op myn skoech net stean. As jim - me mei - in-oar my wat  
 hel - pe kin - ne, sil ik mei jim te dûn - sjen gean.

De pik - trie is al hel - le, de els is fûn;  
 No haw - we wy ús Jel - tsje, ús Jel - tsje wûn.

**It skuonmakkerke**

Sa snij ik it bop - pe-lear, sa slaan ik de  
 soal - len klear; sa doch ik de riem om 'e least,  
 dan ha'k de skoech al hast klear yn 'e geast.

Sa stek ik myn els yn it lear, sjoch!  
Sa helje ik de piktrie der troch!  
Sa slaan ik de soal der op fêst!  
Sa docht de skuonmakker tige syn bêst!

Sa slaan ik it pluggepaad,  
sa slaan 'k gatsjes yn 'e naad.  
Sa mep ik de pluggen der yn,  
dêr't ik de soal mei oan 't boppest ferbyn!

Sa slikje ik de soalkant glêd,  
sa meitsje ik it oerlear fet!  
Sa jou ik de glâns oan it lear,  
no is de skoech dan alhielendal klear!